

Tsjil

Jiergong 27 | nûmer 3 | desimber 2023

Tema: Kadootsjes



Film Bartele Bûse

Meidwaan oan SjONG junior

Ynhâld

Kom fierder 3

Gedicht 4

Sjoch my 5

No sa! 6-7

LinKKe side 8

Der op út 9

Koart ferhaal 10-11

Tsjil nijs 12-13

Keunstner yn dy 14

Dochst mei 15

Tsjek dit 16-17

Net te leauwen 18

Puzelside 19

Jelte, Morris & Jamilla 20

5



10



16



Kolofon

Tsjil is in tydskrift foar bern fan de boppebou fan 'e basisskoalle

Haadredaksje tydskrift Tsjil:
Tjitske van Akker, Cedin

Opmaak:
Grafysk / Gerke A. Hofstra

Einredaksje:
Tsjomme Dijkstra

Foto foarkant:
Arjan Sijtsma
Poalljocht by Holwert

Redaksje-adres:
Cedin
Lavendelheide 21
9202 PD Drachten

☎ 088 0200 300
✉ tsjil@cedin.nl
www.cedinonderwijs.nl/tsjil
ISSN: 1389-348X

Tsjil is fergees oan te freegjen fia
www.taalplan.frl/oanmelde
It tydskrift wurdt acht kear yn it jier
as klassepakket útjûn.

De redaksje fan Tsjil hat besocht
fêst te stellen wêr't byldmateriaal
wei komt om de fereaske
tastimming foar publikaasje te
krijen. Elk dy't lykwols tink rjochten
te hawwen kin kontakt opnimme
mei tsjil@cedin.nl.

TAALPLAN
FRYSK
2030

Wy ynvestearje mei Taalplan Frysk yn
de kwaliteit fan Frysk ûnderwiis op
alle skoallen en alle ûnderwiisnivo's.
Taalplan Frysk 2030 is in gearwurking
fan Afûk, Cedin, Fers, Keunstwurk,
NHL Stenden, Omrop Fryslân, Semko,
SFBO en de provinsje Fryslân.
www.taalplan.frl

Frysk, foar no en letter

DOCHSTO MEI?

De desimbermoanne stiet altyd yn it teken fan tradysjes. It wurdt gesellich makke yn 'e hûs, op skoalle wurdt feest fierd, der is faak mear tiid foar famylje, freonen en lekker ite en fansels hearre der kadootsjes by yn dizze tiid. In kado hoecht net altyd grut en nij te wêzen. Do hast grif wolris in surprise makke mei it sinteklazefeest. De surprise of it gedicht is faak moaier as it kadootsje dat derby sit. Of miskien wolris in kado kocht by in twaddehâns winkel? Strúnsto it leafst de hiele dei yn de stêd om of bisto mear in type fan gau online wat útsykje? De tekst fan *No sa* giet dizze kear oer de foar- en neidielen fan online winkelje.

In kado kin ek wêze datst immen sjochst dy't in hiel skoft net sjoen hast. Of in kadootsje út 'e natuer. Dat lêste oerkaam Arjan Sijtsma. Syn wachtsjen waard beleane doe't hy op in jûn yn novimber heard hie dat it noarderljocht mooglik by Holwerd te sjen wie en hy úteinlik de prachtige foto makke hat dy't op de foarkant fan dizze Tsjil stiet. Wat in kado foar in fotograaf! It noarderljocht, ek wol poalljocht neamd, is in bysûnder natuerferskynsel wêrby't prachtige kleuren yn de loft te sjen binne.

Fierder yn dizze Tsjil omtinken foar de nije Fryske film *Bartele Bûse* en fansels in oprop om jimme klasse noch op te jaan foar *SjONG junior!*

No't wy it dochs oer *dochsto mei* hawwe. Dogge jim freed 15 desimber op skoalle ek mei oan de foute krysttruiendei? Yn Frjenstjer witte se der dizze krysttiid wol in feestje fan te meitsjen. Kinst sels in krysttrui fan dizze Fryske stêd bestelle! Of binne jimme mear fan de SC Heerenveen of Cambuur krysttrui?

In hiele moaie desimbermoanne tawinske.

Lekker lêze!



Groetnis, Tjitske



Mei wínskjen om safolle
brekt mannichien de holle
Mar leave, tink hjir mar om
net wínskje wat men ha kín
mar tinke wêr't it mei ta kín
Dan hat men it altyd rom



Sjoch my

YME SPILET DE HAADROL YN DE FILM BARTELE BÛSE

Yme Tielen (11 jier) út Garyp dreamt derfan om letter proffuotballer te wurden. Mar miskien wurdt it ek wol in karriêre as akteur. Yme spilet nammentlik de haadrol yn de film *Bartele Bûse*. De kaam fan juffer Lize. De Frysktalige film is op it Cinekidfestival yn Amsterdam yn premjêre gien.

De film, basearre op it Frysktalige berneboek *Bartele Bûse*, giet oer in jonkje dat yn it bosk in bysûndere kaam fynt. As hy syn hier dermei kjimmet, krijt hy in hiel tsjok bosk hier. De heit fan Bartele is kapper en rûkt jild. Hy brûkt de bysûndere kaam yn syn kapsalon. Klanten mei keale koppen binne hiel bliid: se krije allegear wer hier. Mar dan komt der op in dei in hiel bysûnder persoan de kapsalon yn...

De film *Bartele Bûse* is ein 2023 op tillefyzje te sjen by Omrop Fryslân en yn jannewaris 2024 op tsjil.omropfryslan.nl

It is hiel tafallich dat Yme de haadrol spilet. 'Foarich jier frege in freontsje oft ik ek meispylje woe yn it iepenloftspul fan Burgum. Dêr krige ik in lyts roltsje.' In skoftke letter waard Yme belle troch Omrop Fryslân. 'Se fregen oft ik ek audysje dwaan woe foar in film. Ik hie noch noait oer soks neitocht, mar it like my wol leuk om te dwaan.'

Neffens de filmmakkers is Yme in echt natoertalint. Sels is Yme der hiel kalm ûnder. 'Ik doch gewoan wat de regisseur my freget. Ik haw noch noait toanielles hân, dus it is moai om te hearren dat se sa tefreden binne.' Wat Yme trouwens wol hiel spannend fûn, wie it ynsjongen fan de titelsong fan de film. 'Ik fyn aktearje

leuker as sjonge, haha.' De filmmakkers fan *Bartele Bûse* wolle hiel graach wer mei Yme wurkje foar in nije film. Soe Yme aanst in bekende Fryske filmakteur wurde? 'Dat soe hiel leuk wêze, mar ik sit ek noch op in fuotbalskoalle. Proffuotballer wurde liket my ek geweldich.'

Yara fan Tjits Floch

Ast goed opletst, komst miskien noch wol in oar bekend persoan tsjin. It nichtsje Yara Lynn út de Tjits Floch spilet ek yn de film! Wat fynst fan har kleur hier?



No sa!

As Sinteklaas en krysttiid wer foar de doar steane begjint it bloed by in soad minsken hurder te streamen. It is in tiid fan gesellichheid, spanning om wat je krije mar ek stress om wat je foar in oar te keapje moatte. Om it de minsken hieltyd makliker te meitsjen hoechst de doar eins net mear út om kadootsjes te keapjen. Bestel mar online!



Bestel mar!

Online shoppe

Der binne foar it earst mear online winkels as gewoane winkels yn Nederlân. Dat meldt it Centraal Bureau voor de Statistiek (CBS). It CBS sammelt sifers oer winkels yn Nederlân. Yn totaal binne der no 84.000 webwinkels. Dat is twatûzen mear as gewoane winkels. Benammen webwinkels foar kleun en guod foar yn hûs en de tún binne derby kaam.

Hieltyd mear

Yn 2020 binne der yn Nederlân nei skatting mear as 600 miljoen pakketten online besteld. Dit oantal groeit alle jierren en it is dúdlik dat online winkeljen hieltyd populêrder wurdt. It is goed om te realisearjen dat dizze groei fan online winkeljen ek gefolgen hat foar it miljeu en de maatskippij. It is ek wichtich datst goed neitinkst foardatst wat online bestelst. Lês bygelyks de reviews fan oare klanten, sadatst witst oft it produkt goed is.





Foar - en neidielen

Online shoppe kin hiel handich wêze. Hoechst de doar net út en kinst fan alles bestelle, fan klean oant boartersguod en elektroanika. Hast in soad kar en fynst online faak de leechste priis. Mar online shoppe hat ek neidielen. Sa witst net altyd net oft in produkt wol goed of feilich is, oft it past of wurket lykas beloofd. Ek duorret it soms langer foardatst it yn hûs hast, en somtiden moastst ferstjoerskosten betelje.

Underweis

In soad fan de produkten dy'tst online keapest, komme út Sina. Sina is in grut lân yn Azië, dêr 't in soad ferskillende produkten makke wurde. (Web-) winkels yn Nederlân en oare lannen kinne dy produkten ek ynkeapje by Sineeske webwinkels. De produkten wurde nei Nederlân stjoerd, dêr 't se bygelyks yn in magazyn opslein wurde. Asto wat bestelst by in online winkel, wurdt it produkt út it magazyn wei nei

dy opstjoerd. De wei dy 't produkten ôflizze fan in Sineeske webwinkel nei dyn hûs yn Nederlân is faak langer en yngewikkeld. Dizze bestellingen wurde meastal ferfierd mei in fleantúch, skip of trein. Foar hokker ferfier der keazen wurdt is ôfhinklik fan de grutte fan de bestelling en hoe gau ast dyn bestelling yn hûs ha wolst. As it giet om lytsere pakketten dan wurde dy meastal mei it fleantúch ferstjoerd. Dit is de fluchste wize fan ferstjoeren. It duorret dan meastentiids tusken de 5 en 15 dagen foardat it pakketsje oankomt yn Nederlân. Foar gruttere bestellingen, lykas meubels, wurdt faak keazen foar ferstjoeren per skip. Dit duorret langer as ferfierd mei in fleantúch, mar it is goedkeaper. De levertiid fariearret dêrby fan in pear wike oant in pear moanne. De trein wurdt ek hieltyd faker brûkt om bestellingen út Sina nei Nederlân te ferfieren. Dit is in fluggere wize fan ferstjoeren



as mei it skip mar it is wol djoerder. As it pakketsje ienkear yn Nederlân oankaam is, wurdt it ferwurke troch de dûane. Dit kin in skoftke yn beslach nimme. Nei de dûanekontrôle wurdt it pakketsje troch de ferfierder ôfleverd by it adres fan de keaper. Kinst dy foarstelle dat al dy wizen fan ferfierd foar fertraging soargje kinne of dat bygelyks it produkt kwyt of skansearre rekket.



Nei it lêzen

In petear op fuotten

Elkenien giet stean. Master of juf lêst in stelling foar. Ast it iens bist mei de stelling of werkenst de ûnderfining, gean dan by master of juf stean. Bist it net iens mei de stelling of werkenst de ûnderfining net, gean dan oan 'e oare kant fan it lokaal stean. Dyn master of juf mei nei elke stelling in pear bern freegje om harren miening ta te ljochtsjen.

Stellingen yn de klasse:

1. Ik keapje leaver klean online as dat ik nei in winkel moat om te passen.
2. It makket my net út oft myn kado's yn in Nederlânske winkel of yn in bûtenlânske webshop kocht binne.
3. Wy beprate thús wolris de kwaliteit / feiligens fan produkten út in webshop.

4. Yn ús húshâlding hawwe wy wolris in online miskeap dien.

5. Yn ús húshâlding is wolris wat online besteld, mar nea by ús oankommen.


6. Webshops binne de takomst, ik tink dat echte winkels oer tsien jier net mear nedich binne.

In kadootsje foar de redaksje dizze kear! Dizze tekst is foar in grut part makke troch ChatGTP en dêrnei bewurke troch Tjitske van Akker. Hawwe jimme dat al ris brûkt om dêrmei in tekst kritysk te besjen?



REKLAME:

TRAPESTO DERYN?



Knopke 1 Genot

Minsken hâlde fan genietsjen. En dus keapje se swiete gebakjes, lekkere dûs-gels en hearlik sittende truien. De persoan yn in reklame genietet ek altyd. Wolsto krekt sa fan it libben genietsje? Keapje it produkt!

Knopke 2 Sûnens

Sadree'tst mislik bist of pine yn 'e holle hast, fielt dy fuort minder gelokkich. Dêr spylje reklamemakkers op yn. Se jouwe dy it gefoel dat harren produkten sûn binne. En dus keapest se.

Knopke 3 Besparje

Wiesto ek sa wiis mei dyn ôfpriizge game? Sale! 50% koarting! Jou minsken it gefoel dat se mear foar minder krije, en se fiele harren eefkes hiel gelokkich. In hiel maklik knopke!

Knopke 4 Gemak

Minsken binne eins lui. Wy wolle altyd sa min mooglik enerzjy fergrieme. Dus jou ús mar in robotmeaner, in ôfstânsbetsjinning, kant en klear iten...

Knopke 5 Groep

Wat wolle minsken graach? By in groep hearre. En dus keapje wy deselde dingen as de groep dêr't wy by hearre wolle. Hat dyn freon in superhippe rêchtas? Dan soesto dy ek wol ha wolle.

Knopke 6 Feilichheid

Rûnom loert gefaar. Gelokkich is feilichheid te keap. En dus keapje dyn heit en mem brânmelders, sinnebrânoalje en fytshelmen. Fersekeringen warskôgje earst foar it gefaar en ferkeapje dêrnei it produkt om de eangst te minderjen.

Knopke 7 Goed gewisse

Hearlik, al dat genot en gemak, mar wy wolle ús ek graach in 'goed minske' fiele. En dus keapje wy biologysk fleis, in sunige auto en in T-shirt dat net makke is troch bern út Yndia.

Knopke 8 Better, moaier, flugger

No noch suniger!', 'Trije kear sa fluch!', 'Nijste ferzje!' Wy binne gefoelich foar sokke slogans, want it is moai om it bêste fan it bêste te hawwen. En dus traapje wy deryn.



Trapesto deryn?

Tink eefkes werom oan dyn lêste oankeap. Wêrom hast dy kocht? Spile ien fan de knopkes in rol? Myn lêste oankeap: in pear sneakers. Ik kocht se om't se hearlik sieten (genot), yn 'e moade binne (groep) en foar de helte fan 'e priis wiene (besparje).

DE MISTEL

It is desimber en it krystfeest komt deroan. Hokker plant soe ús no wat fertelle kinne? Dat is de mistel. Wa hat wolris heard fan de mistel of der sels ien sjoen? Hjir by ús yn it Noarden is er tige seldsum. Yn Limboarch en de súdlike lannen groeit er wol hiel goed. Hast grif ek wolris in Ingelsk krystferske heard dêr't de mistletoe yn foarkomt.

Mistel

Nederlânsk:

Maretak

Ingelsk:

Misteltoe

Witst wat hiel frjemd is, de mistel groeit net yn 'e grûn mar wennet yn 'e kroan fan in beam. Faak yn in populier, apelbeam of eskdoarn. Dit wurdt in healparasyt neamd. Hy libbet fan de beam dêr't er op sit. De mistel hellet wetter en iten út 'e beam. Wol jout hy ek wat werom oan syn wenplak. De mistel jout soerstof oan 'e beam, wat nedich is om te groeien.

De mistel is altyd grien. Sels yn de winter, as de beam dêr't er op libbet, keal is. Hy groeit hielendal trochinoar. It liket wol in grutte bol wol dêr't de kat mei boarte hat, mar dan mei allegearre tûkjes. Hy hat wite fruchtsjes dy't trochsichtich binne en der sit lym yn. Hoe nuver is dat! As de fûgels

dizze fruchtsjes ite, komt de lym op de snaffel en dat skrabje se der op in beam ôf. Dêr kinne dan wer nije mistels út groeie. Dêrom wurdt de mistel ek wol fûgellym neamd.

Mistel, of yn it Nederlânsk de maretak, wurdt yn ferbân brocht mei spûken of heksen want it wurdt mare komt út in âlde Germaanske taal en betsjut dêr spûk of heks. De Germanen tochten eartiids dat de plant 'maren' en kweade geasten fuortstjoerde. Dêrom waarden der tûken yn 'e hûs en yn de stâl ophongen.

De mistel wurdt ek wol toverbeam

neamd en der wurde in soad krêften oan ta skreaun. Miskien hast wolris heard dat mei de krysttiid de mistel boppe in doar yn 'e hûs hongen waard. Ast fereale bist en joust inoar in tút ûnder de mistel, dan bliuwst fereale. En hingest in mistel yn dyn sliepkeamer, dan sliepst hiel goed en dreamst hiel moai. It skynt sels dat ast in mistel om dyn hals draachst, datsto ûnsichtber wurde kinst. Poeh, wat in bysûndere plant! Silsto mei de krystdagen in mistel sykje? Se binne wol te keap yn blommewinkels en krystmerken. Mar tink derom: ast in tút oan ien joust ûnder de mistel.....
Noflike feestdagen allegear!

CANDY CANE WISHES!
MISTLETOE KISSES





Melle, de soan fan **grytman** Buma, wenne yn in prachtige state. Dat hie in **bordes** oan de foarkant en in bordes oan de achterkant. Sa fier ast sjen koest, lei de tún mei rjochte grintpaden. Oan wjerskanten stiene grutte lantearnen dy't nachts it terrein yn it ljocht setten. Gjinn strûk stuts in tûkje út of der kaam wol in túnman oandraven mei in snoeiskjirre.

Melle krige trije kear deis it hearlikste iten. Syn mem libbe net mear, mar de keamerfamkes snieën de koarstkes fan syn bôle en setten kopkes tee foar him. Melle mocht **hynsteride** op it eigen terrein, salang't er mar binnen de muorren bleau. Hy krige Latynske en Frânske les fan in eigen learaar en droech borduerde pakjes mei kanten mansjetten. En dochts wie Melle net bliid.

Doe't er op in moarn wer **segrinich** yn syn brij siet te rieren, sei syn heit (dy't er allinnich ûnder it iten seach): 'Ik haw skjinn myn nocht fan dyn ûntankbere snút. It wurdt tiid datst learst oer earm en ryk. Lûk klean oan dy't **smoarch** wurde meie. Do giest in pear dagen **útfanhûs**.'

Achterop in Frysk hynder brocht de grytman syn soan nei in rige plaggehutten by de **feart**. Dêr wennen de **turfarbeiders** dy't hiele dagen swier wurk diene. Oan dy turfmakkerij hie de grytman syn rykdom te tankjen. Foar de middelste hut sette de grytman syn soan fan it hynder. Sels bleau er sitten. 'Durk!' rôp er. 'Durk!'

In man op klompen kaam nei bûten. Hy luts fuort de pet ôf doe't er syn baas seach, en bûgde de holle. Efter him oan kaam in jonge fan Melle syn leeftyd. Syn blauwe eagen stutsen fûl ôf tsjin syn smoarge gesicht.

'Durk, ik wol graach dat myn soan Melle twa dagen by jim útfanhûzet. Behannelje him krekt as dyn eigen bern. Hy moat mar ris leare hoe't it libben bûten de state is.' Sûnder in antwurd ôf te wachtsjen kearde de grytman syn hynder en fjouwere fuort mei in wapperjende mantel.

Melle seach de man en de jonge ferlegen oan. Durk sei as earste wat. 'Ehm... kin ik jo wat oanbiede, jonker? De frou hat krekt in panne sop op it fjoer.'

Op syn glimmende learzens rûn Melle de **plaggehutte** yn. Efter de tafel siet in frou mei in bern oan it boarst, en boarten twa lytse famkes mei in bikkelspul op de flier. It húske stonk nei reek. It sigde troch de muorren. Melle gong sitten op it houten krukje dat him oanwiisd waard.

Twa dagen letter helle de grytman Melle wer op. Durk holp it wurge

jonkje achterop it swarte hynder. Rêstich rieden heit en soan nei de state werom. In **stâlfeint** skeat ta om it hynder oer te nimmen sa gau't se binnen de muorren wiene. Doe sei de grytman tsjin Melle: 'No moatte wy mar ris goed prate.'

Se joegen har del op it bankje yn it wite prieel.

'Fertel ris', sei de grytman. 'Hast ûntdutsen hoe earm as minsken wêze kinne?'

'Dat haw ik seker, heit', sei Melle en hy knikte. 'Ik bin hiel tankber foar de les dy't ik krigen haw.'

'Moai sa', sei de grytman. 'Tusken ús libben en dat fan de feanarbeiders is in hiel ferskil. Wat is dy it meast opfallen?'

'In hiel soad', sei Melle.

'Wat dan?'

'No, om ús terrein hinne rinne hege muorren om ús te beskermjen. Mar yn it buertsje fan Durk passe de minsken op inoar. Durk-en-dy ha in hiel soad freonen. Jûns pakt Durk syn akkordeon, en dan sitte sy allegear byinoar, heit. Ek de lytse berntsjes. Sa moai. Se meitsje muzyk, sjonge ferskes en fertelle ferhalen. Der wurdt in soad lake. Dat giet sa troch oantst alle stjerren oan de himel telle kinst. Ik ha noch noait safolle stjerren sjoen, heit. Sa prachtich. By ús sjochst se net troch alle lantearnen. Mei Wiebe, sa hjit de soan fan Durk, haw ik yn de lannen **omswalke**. Hy hat my allegear nammen fan fûgels leard. Dy hie hy wer fan syn heit leard. Ik wit no hoe't in skries der útsjocht en in ljip en in ljurk. Bijke wie ek mei. Dat is it mollehûntsje fan Wiebe. Dat is sa'n grappich hûntsje. Alles watst fuortgoaist, bringt er wer werom. Bijke



ryk waard



fûn ek in nêst mei eine-aaien. Dy ha wy meinommen. De mem fan Wiebe hat se foar ús opbakt. Iten dêr'tst foar wurke hast, smakket folle lekkerder as samar iten, seit Durk.

En dan dy feart dêr't se oan wenje. De fiver by ús hûs is lyts en rûn. Mar dy feart, dy rint mar troch en troch. Hielendal de wrâld yn. Wiebe is in flot oan it bouwen. En ik sil him helpe. As dat flot ôf is, farre Wiebe en ik fuort. Om oare lannen te ûntdekkjen. En om allerhande oare minsken te moetsjen. Tankjewol heit. Heit hat my sjen litten hoe ryk as dy minsken by de feart binne. Folle riker as wy.'

De grytman wie mei stommens slein. Hy seach syn soan oan. Melle syn wangen sieten fol modder, syn hier siet yn de tiis, mar syn eagen glommen. Hy seach sa bliid, dat it wol in hiel oare jonge like as twa dagen lyn. En de grytman begriep dat net Melle mar foaral hý in belangrike les leard hie. It soe net sa lang mear duorje, dan wie Melle grut. De jonge soe de folgjende grytman wurde. No hiene se noch tiid om tegearre aardige dingen te dwaan. Hy soe tenei mear mei Melle oplûke, minder strang wêze en foaral ek wille mei it jonkje meitsje. De grytman lei syn earm om it skouder fan syn soan. Dy skode tsjin sy heit oan en sei fertroulik: 'As heit dat wol, kin ik heit wol wat nammen fan fûgels leare'.



Wurdlistke

grytman: **burgemeester/**
rechter

bordes: **verhoogde stoep**

hynsteride: **paardrijden**

segrinich: **chachrijnig**

smoarch: **vies**

útfanhûs: **logeren**

turfarbeiders: **harde werkers**
die veengrond
afgroeven voor
brandstof

plaggehutte: **een simpel laag**
huisje, gemaakt
met plaggen
grond

stâlfeint: **stalknecht**

omswalkje: **rondzwerven**

feart: **vaart**

yn de tiis: **in de knoop**

NEI IT LÊZEN

1. Yn dit ferhaal is Melle de haadpersoan. Understreekje yn de tekst fjouwer wurden of dielen fan sinnen dy't dy wat fertelle oer wa't Melle is (uterlik, karakter, besichheden).

2. De titel fan it ferhaal is Hoe't Melle ryk waard. Wat hat de titel te krijen mei it útfanhûzjen fan Melle by de famylje fan Durk?

In kado fan ús foar dy: der leit wer farsk Tsjil nijs foar dy klear! In side fol tips, aardige fideo's en nijs dêr'tsto noch neat fan wist. Sa is der in nij gesicht by Tsjil en wurdt der dizze moanne in echte film útbrocht. Genôch om oer te fertellen!



1 Tsjil Tsjekt



Tsjil Tsjekt nûmer 10 stiet yn it teken fan kado's en hannel, lykas dit Tsjil-magazine. Yn Tsjil Tsjekt giet it benammen oer de skiednis, want wêrom jouwe we eins kado's en wat is it ferskil tusken de kado's yn it ferline en no? Dy kado's binne ûnderdiel fan de wrâldwide hannel, want it kado datsto joust, komt faker út in oar lân as út ús eigen lân. En dat is wêr Tsjil Tsjekt oer giet!

2 Efkes foarstelle

Miskien hawwe jim him al lang foarbykommen sjoen, mar Tsjil hat in nije presintator: Willem Reitsma! Willem hat dizze simmer ûnder oare al meidien oan de Tsjil TikTok-race (en hy wûn 'm ek noch) en is te sjen yn Tsjil International. Fansels binne der folle mear fideo's mei Willem te sjen, dus as jim benijd binne nei syn (presintaasje)talint, dan is it in kwestje fan abonnearje op Tsjil op YouTube.



3 De Tsjilste podcast



Talint en keunstmjittige yntelliginsje stienen earder al online, mar no stiet der ek in farske podcast oer beroppen online. Beroppen? Dat klinkt saai, mar witsto fan al dyn klasgenoaten wat se wurde wolle? Juf Jildou besiket it yn dizze Tsjilste podcast te rieden fan alle bern yn groep 7 fan OBS Akkrum. En dat giet har noch bêst ôf ek. Oh en bist benijd wêrom't Raynaud oerjaan moast by ien fan syn earste bybaantsjes? Dan moastst seker harkje...



4 Bartele Bûse



Yn dizze Tsjil is fan alles te lêzen oer Bartele Bûse, dus dêr hoege we it net mear oer te hawwen. Mår wat jim noch net witte is dat ús eigen Tjits ek meispile hat en dat allegear fêstlein hat yn har floch. Bist dus benijd nei Tjits har rol, hoe't it wie om as aktrise mei te spyljen én hoe't it der achter de skermen oan ta gie by Bartele Bûse? Sjochst it allegear werom yn de Tjits Floch.



5 In dei lang sporte

De populêre sporten yn Fryslân kenne wy no yntusken wol, mar hokker sporten dogge se yn Súd-Afrika? Wat is dêr eins populêr? Yn Tsjil International hie Jennifer kontakt mei Sierd, dy't yn Súd-Afrika wennet. Dêr't hy wennet is de sport cricket hiel populêr. No tinkst, huh cricket? Ja cricket ja. In sport dy't wy yn Fryslân eins hielendal net kenne. Yn Tsjil International lizze Jennifer en Sierd eksakt út hoe't dy sport wurket. En alfêst in weetsje: cricket kin sa lang duorje, dat se sels healwei ophâlde om te lunsjen...



Folgje Tsjil fia TikTok, Instagram en YouTube én doch mei oan Tsjil Tsjekt!

Tsjek dit!

In kadootsje yn de tún

Desimber is de tiid fan kadootsjes. Mei Sinteklaas of mei krysttiid... Erwin Jesterhoudt út it plak Philippine yn de provinsje Seelân krige



earder dit jier al in fantastysk kado. Hy woe in túnfiver meitsje. Se wiene der mei in graafmasine oan 't wurk doe't se stiennen fûnen yn de tún. Dy stiennen bliken net samar wat âlde stiennen te wêzen, mar nei ûndersyk en graverij kaam der in hiel grut stik fan de âlde fêstingmuorre fan syn wenplak foar it ljocht. It stik muorre is sa'n 10 meter lang en 5 meter heech. It is fan om 1700 hinne. Jesterhoudt is der tige grutsk op en wol de muorre as in monumint bewarje.



Wrâldrekôr as kadootsje



Syn namme is Tommy. Soest net tinke dat Tommy de grutste bolle fan 'e wrâld is. Tommy is in reus fan 1,87 meter heech. De boerefamylje Barawinder út Ceshire (Massachusetts yn Amearika) is al mear as 13 jier de eigener. Se wolle Tommy foar gjin goud kwyt, ek al fret er harren de earen fan de kop. Net frjemd dat Tommy yn it Guinness Book of World Records te finen is as Worlds Tallest Living Steer. De grutste bolle, dus.



In kadootsje út de romte



Op 24 septimber dit jier lâne in kapsule yn in woestyn yn de Amerikaanske staat Utah. Yn de kapsule siet in spesjaal kado foar wittenskippers: stikjes stien fan de asteroïde Bennu.

De romtesonde OSIRIS-REx nei Bennu is 7 jier lyn (8 septimber 2016) lansearre en lâne op 20 oktober 2020 op de asteroïde. Bennu is yn trochsneed 490 meter en nei alle gedachten 4,5 miljard jier âld. De ûndersikers wiene bliid dat yn it materiaal yn de kapsule in soad koalstof en wetter te finen wie. Dat sjogge se as boustiennen foar libben.



Kadootsje foar it Fries Museum

It Fries Museum hat in kadootsje foar har nije tentoanstelling keapje kind; in prachtich skilderij. It is in paniel mei oaljeferve fan 78 by 58 sintimeter. It is fan de skilder Christoffel Bisschop. Hy makke it yn 1860. De titel is Zondag te Hindeloopen. It museum hat it kocht yn Amearika en is te sjen yn de tentoanstelling Christoffel en Kate. Dizze tentoanstelling is der noch oant en mei 7 jannewaris. In moai famylje-útstapke foar de krystfakânsje.



Dieselloc by Philips yn Drachten fuort



As monumint ta oantinken oan it Philipsspoar stie der mear as 10 jier in grutte dieselloc by Philips yn Drachten. Yn oktober is de lokomotyf ophelle. De trein wurdt restaurearre. In kadootsje foar treinleafhawwers.

It Philipsspoar rûn fan 1957 oant 1985 fan Drachten nei de stêd Grins. Eins wie it grutste part fan it spoar ea de tramline Drachten-Grins. Kinst fia de QR fan alles fine op 'e website fan Stichting Spoorverleden Drachten oer it spoarferline fan dit Fryske plak.



Wylde bisten benaud foar minsken

In nijsgjirrich ûndersyk yn it Krugerpark yn Súd-Afrika. Dêr libje in soad liuwen. Soest tinke dat oare bisten benaud binne foar dizze 'Lion King'. Undersikers ûntdutsen dat dat kloppet. As se lûden fan in liuw hearre litte, wurde de oare bisten ûnrêstich. Mar de wittenskippers ha útfûn dat bisten noch folle benauder binne foar de lûden fan wat oars. En dat 'oars' is de minsk. Dat hat mooglik te krijen mei dat der in soad streuperij is yn grutte Afrikaanse wyldparken.



Sinteklaas 2023



Sinteklaas is okkerdeis wer oankommen yn ús lân. Dit jier kaam hy in Gorkum oan. Witst dat sûnt 1952 de lanlike oankomst fan Sinteklaas op telefyzje is? Dat is dus al mear as santich jier! Sinteklaas komt tsjintwurdich op de earste sneon nei Sint Marten.

De earste jierren kaam Sinteklaas altyd nei Amsterdam. Dêrnei is besluten ek oare stêden en wenplakken te kiezen.

De Sint Nikolaas-tradysje is folle, folle âlder. It is in kristlike hillige. Nikolaas fan Myra libbe fan sirka 270 oant 6 desimber 335, 336 of 337. Watfoar jier eksakt, is net bekend. Mar hiel lang lyn!



Krystmerken



Foar desimber kinst oeral yn ús lân en Dútslân nei krystmerken. Kinst der mei de auto hinne mar der binne ek busreiskes te boeken. Ast net fan reizgjen hâldst of ast dat te djoer fynst, kinst ek gewoan ris om dy hinne sjen yn Fryslân. Hjir binne ek genôch winter-en krystmerken. Om dy in bytsje op wei te helpen, binne hjir mei de QR in stik as wat websites te finen foar aardige krystmerken yn Fryslân en fierder





Dyn-super-sels!

Wêr bisto goed yn en wat makket dy bliid? Oftewol, wat is dyn talint? Is dat faaks iten meitsje, in muzykynstrumint bespylje of mei de hûn út?

Mei ûndersteande opdracht makkest dyn talint grutter. Meitsje fan dyn talint in supertalint en fan dysels dyn-super-sels! By dyn-super-sels heart fansels ek in super-namme, wat wurdt dyn super-namme?

Hoe makkest dyn-super-sels?

Oars sjen

Hoe sjocht dyn talint der út? Hokker bewegingen hearre by dyn talint? Ast dizze bewegingen útfersjutsje soest, wat soest dan allegear noch mear mei dyn talint dwaan kinne?

⇒ Meitsje de beweging grutter. Of kinst dyn talint op ferskillende manieren sjen litte? Brûk dyn talint op dizze manieren.

Doar te fielen

Fan dyn talint wurdst bliid, mar wat makket datst bliid wurdst? Fier alle bewegingen dytst nedich hast foar dyn talint los fan inoar út. Hokker gefoel krijst by eltse beweging?

⇒ Bepraat it mei dyn groepke en skriuw op hokker gefoel in beweging by dy opropt.

Gewoan mar meitsje

Meitsje no groepkes fan trije. Sjoch nei inoars super-sels. Wat soenen jim mei-inoar dwaan kinne? Betink in ferhaal oer wat jim berikke kinne as jimme mei jim supertalinten gearwurkje.

Wurkje dit ferhaal út, meitsje hjir in stripferhaal of toanielstikje fan. Tink ek goed nei oer wat der mei dit ferhaal barre soe as dyn talint der net by wêze soe.



Dochtst mei?



Frouk en Jasmijn wienen de winners fan SjONG junior '22 'SjONG junior makke it ekstra leuk om nei skoalle te gean,' seit Frouk Oosterhaven (12) út Tsjom. Sy en Jasmijn van Munsteren (13) dienen twa jier lyn mei de hiele klasse mei oan SjONG junior. No't de twadde edysje deroan komt en skoallen har wer opjaan kinne, freegje we dizze winners wat sy fan harren SjONG junior-aventoer fûnen.

SJONG JUNIOR

SjONG junior is in Frysk sjongfestival foar basisskoallen. De finaleskoallen skriuwe mei de hiele klasse ûnder begelieding fan presentator en sjonger Raynaud Ritsma in eigen liet. It liet sjonge se sels yn en ferfolgens skitterje se mei dat liet yn de grutte finale yn De Lawei.

Meidwaan oan SjONG junior

Doe't juf fertelde dat se meidwaan soenen oan SjONG junior, wienen de meningen ferdield. 'Ik fûn it hiel leuk, mar hie net it gefoel dat we fier komme soenen', seit Frouk. It makke it dêrom ekstra spesjaal dat se as winners útroppen waarden.

By Jasmijn oerhearske earst in oar gefoel: 'Ik kom niet uit Fryslân dus ik dacht 'oh nee,

dat is in het Fries. Dat gaat mij nooit lukken.' Mar dat foel ta, want it holp har just om it te learen. 'Toen we eenmaal bezig waren vond ik het ge-wel-dig. Van alle dingen die ik op de basisschool heb gedaan, was SjONG junior het allerleukste.'

Fan studio nei podium

It SjONG junior-aventoer begûn mei it skriuwen fan de liettekst en it ynsjongen. 'De opname yn de studio wie hiel leuk', seit Frouk. 'Ik wist

hielendal net hoe't it wurke om in ferske op te nimmen, mar no wol'. Ek Jasmijn fûn dat ien fan de leukste dingen. 'Maar ook het plezier wat je met de hele klas op het grote podium in De Lawei hebt. Dat is een moment waar ik nog vaak over vertel.'

In oanrieder

Beide fammen soenen sûnder twivel SjONG junior oanriede. 'Het was ook best spannend, maar als je uiteindelijk op het podium staat is het een hele mooie herinnering die je niet meer zult vergeten', beslút Jasmijn en Frouk. 'Ik hie fan tefoaren nooit tocht dat we safier komme soenen, mar je moatte der in yn leauwe en mei-elkoar foar gean!'



flinter yn'e winter



Mantsje

By flinters tinkst faaks oan 'e maitiid en de simmer. Dat is ek logysk want flinters binne kwetsbere ynsekten en dy ferwachtest yn 'e winter net bûtendoar. Dochs binne se der wol. Ien fan dy flinters is de grutte winterflinter. Syn namme seit it al; hy fljocht fan ein septimber oant heal febrewaris, sels as der snie leit. Net te leauwen wol? Silsto op syk nei in winterflinter? Lês de tekst op dizze side en besjoch de foto's. Wat wit fynst der ien!

De grutte winterflinter komt foar oer de hiele wrâld, fan Iislân oant East-Asië en fan Noard-Afrika oant it suden fan Skandinavië. De flinter is jûns en nachts aktyf en falt dêrmei ûnder de groep nachtfinters. De mantsjes fleane it meast sa'n twa meter boppe de grûn tusken deselde beammen hinne en wer. Ast him sjen wolst hast de measte kâns by in bûtenlampe. Hy komt nammentlik op it ljocht ôf. De wyfkes binne in stik lytser, swart-wyt fan kleur en hawwe gjin wjukken. Se lykje dus ek net echt op in flinter. De wyfkes sitte faak op donkere beamstammen.



Wyfke

Eltse flinter hat in favorite plant dêr't se de aaike yn of op leit. Sa'n blom, strûk of beam wurdt in waardplant neamd. In grutte winterflinter is net sa sinnich. Ferskillende beammen, sa as de iik, de wylch, de bjirk en de meidoarn wurde as waardplant brûkt. De aaike komme rûn april út. De rûpkjes ite, lykas yn it boek rûpkje noaitgenôch fan Eric Carle, in hiel soad bledsjes en kinne wol in hiele beam kealfrette. Fruitkwekers komme dizze rûpen en flinters dêrom leaver net tsjin yn harren tûn.



Yn dizze Tsjil stiet in puzel dy't fansels hielendal by de desimbermoanne past. De oplossing fan de puzel meist foar de krystfakânsje maile nei tsjil@cedin.nl. Skriuw dúdlik dyn namme, groep en skoalle yn it e-mailsje en wa wit winsto in priis!

Sukses!

Trochstreekpuzel

F	S	D	O	U	G	S	R	E	I	U	R	T	S
E	Û	O	L	O	T	S	J	E	L	Û	K	E	E
R	K	U	M	K	N	E	T	J	M	I	-	B	K
G	E	G	S	I	E	P	H	S	A	I		A	T
E	L	S	P	R	I	A	C	T	R	S	S	N	S
E	A	R	E	T	T	K	O	H	S	K	A	K	I
S	D	E	K	S	S	J	T	C	E	U	A	E	L
N	E	T	U	N	R	E	P	I	P	O	L	T	G
N	L	R	L	F	A	S	O	D	Y	N	K	L	N
K	E	A	A	E	O	J	O	A	N	S	E	E	A
R	T	O	A	E	K	Û	P	Y	T	E	T	T	L
Y	T	B	S	S	S	N	Â	R	K	T	N	T	R
S	E	J	S	T	O	O	D	A	K	T	I	E	E
T	R	R	T	R	A	D	Y	S	J	E	S	R	F

Banketletter
Boartersguod
Dichtsje
Feest
Fergees
Ferlanglistke
Kadootsjes
Kryst

Krâns
Lotsjelûke
Marsepyn
Optocht
Pakjesjûn
Pipernuten
Pyt
Sinteklaas

Skoarstien
Skuonsette
Spekulaas
Strik
Struiersguod
Sûkeladeletter
Tradysjes



Ri-ra-riedsels

Underweis nei de winkel ta rûn ik in frou temjitte. Dizze frou hie twa rêchsekken mei yn elke rêchsek trijekatten, mei elk trije kittens. Katten en minsken byinoar, mei hoefolle rûnen wy nei de winkel?

Antwurd: Allinne ik gong nei de winkel. De frou mei de katten rûn my temjitte en gie dus de oare kant út...



Mopkes:

In heit freget oan syn soantsje: 'Wat is dyn favorite fak op skoalle?' It jonkje seit: 'Dat is fakânsje'. Seit de heit: 'Dat is dochs gjin fak?' Antwurdet it jonkje: 'Jawol: fak-ânsje!'

Piet en Kees spylje Monopoly. Dan seit Pyt: 'Ik bin de bank!' Dus Kees seit: 'Okee, dan ik bin de stoel!'

Sudoku

	4	6	1		9	2		
		2		6	4			
		1	3	5	2	8		
		8					4	2
		3	8			5	7	9
	6	9						
6		7		9	8			
				1	3			
9	1		4					6

De priiswinner fan de lêste puzel is: **Cyloe Nota fan CBS op 'e Hichte yn Skearnegoutum. Fan herte lokwinske!**

De oplossing fan de trochstreekpuzel wie **Grizelferhaal**.

Jelte Morris & Jamilla

troch Peter Moorman

IN GOED BEGJIN FAN DE DEI!

